

Joeri in Boskmantsje



Joeri in boskmantsje



Pieter Harmsma

Skriuwer:	Pieter Harmsma
Omlag ontwerp:	Pieter Harmsma
Tekeningen:	Pieter Harmsma
Fryske oersetting:	Frieda J.M. Harmsma-Bakker
ISBN: 9789403602851	
© Pieter Harmsma	

1. Evert iikhoarntsje

De sinne komt stadichoan op en in hoantsje kraait yn 'e fjierde. Yn in lyts húske by in grutte âlde bûkebeam draait Joeri him noch ien kear om yn syn bêd. Stadich wurdt hy wakker. Noch in kear kraait de hoanne en Joeri stapt út syn bêd, lûkt syn klean oan en giet nei bûten. Fûgels fleane drok hinne en wer en fluitsje harren moaiste ferskes. It liket in moaie dei te wurden. Joeri giet wer yn syn húske. Hy smart in pear stikjes bôle, skinkt him in glês molke yn en nimt dat mei nei bûten. Dêr giet hy op it bankje foar syn hûs sitten. As hy it earste hapke fan syn stikje bôle nimme wol, heart hy eat yn de strûken ritseljen. Hiel foarsichtich sjogge twa swarte kraaleachjes nei Joeri. It is Hendrik, de harmeling.



Hendrik is altyd foarsichtich en komt wol faker by Joeri op besite. Hendrik wennet net fier hjirwei en hat syn hoal tusken de woartels fan in grutte ikebeam. "Kom hjir mar Hendrik", ropt Joeri, "dan krijst ek in stikje fan myn bôle, dat fynst fêst wol lekker". Hendrik sjocht noch efkes om him hinne oft it wier wol feilich is en draaft dan nei Joeri ta en springt by him op it bankje. "Wat gesellich datst hjir oan komst. Sjoch, hjir is in stikje bôle, yt mar lekker op". Sa sitte sy tegearre op it bankje te brea-iten. De sinnestrielen wurde hieltiten waarmer en de wyn blaast in pear blêdsjes oer de grûn fuort. Joeri komt oerein en rint fuort. "Wat silst dwaan?", freget Hendrik. "Ik sil nei Evert it iikhoarntsje, hy is út de beam fallen en hat no in sear poatsje. Meist wol mei hjer". Joeri nimt syn knapsek mei en docht de doar ticht. Tegearre rinne sy it bosk yn op 'e syk nei Evert. Hendrik rint oeral hinne at hy wat nijs sjocht, besjocht it dan foarsichtich foardat hy tichterby komt.



“Sjoch, dêr is Evert al, hy sit op ús te wachtsjen”, wiist Joeri. Evert sit ûnder in beam en sjocht Hendrik en Joeri al oankommen. “Hoe is it mei dyn poatsje?”, freget Joeri. “Docht it net mear sear?” “Goed hjer, ik fiel gjin pine mear. Mei it lapke der no ôf?”, freget Evert. “Ik sil der ris nei sjen” en Joeri hallet hiel foarsichtich it lapke fan Evert syn poatsje ôf. “Evert, draai dyn poatsje ris hinne en wer, docht dat ek sear?”, freget Joeri. “Nee, ik fiel neat”, seit Evert. “Goed en gean der no ris foarsichtich op stean en as dat ek net sear docht, meist besykje der op te rinnen”, seit Joeri. Evert giet foarsichtich op syn poatsje stean en besyket te rinnen. Dat giet hielendal goed en Evert hat gjin pine mear. “Dat giet goed Evert, do bist wer better”, seit Joeri. “Hoe is dat allegear kaam mei dyn seare poatsje?”, freget Hendrik.

